

Antwurden Staveringsopdracht A 16 april 2016

A. *De algemiene regel is: skriuwe wat der sein wurdt.*

Utsûnderingen binne:

- 't, 'e, 'n yn stee fan it, de, in of oarsom.
- koenen yn stee fan koene (r. 4) en ferlykbere gefallen.

As ien flater wurdt rekkene:

- yn 't algemien alle staveringsflaters
- it net of ferkeard brûken fan skerp- en breedtekens
- de stipkes op 'e ij dêr't dat beslist moat
- it skrapke yn wurden lykas dy't
- foarmen dy't wol goed Frysk binne, mar net yn 'e tekst steane
- it ferjitten fan in wurd.

As kwart flater wurdt rekkene:

- it al of net oaninoar skriuwen fan wurden, dêr't dat beslist ferkeard is.
- it ferkeard brûken fan oanheltekens, dûbelpunten, lytse letters of haadletters.

Net rekkene wurdt:

- Lego mei in haadletter (r. 3, 4 en 6).
- it ferkeard brûken fan (punt-)komma's.
- itselde wurd of deselde foarm twa kear ferkeard, it twa kear ferkeard brûken fan oanheltekens, lytse letters of haadletters. Al dy gefallen wurde mar ien kear rekkene.
- te min / tefolle spaasje yn gefallen as dy't en yn 'e.
- twa flaters yn ien wurd wurde ien kear rekkene.

By A wurdt útgien fan in noarm fan twa flaters de punt. Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.

B. *Ien punt foar elk goed antwurd. Mei-inoar 16 punten.*

1. a	5.	c	9.	c	13.	c
2. c	6.	c	10.	c	14.	b
3. b	7.	b	11.	a	15.	a
4. a	8.	b	12.	b	16.	C

By B wurdt útgien fan in noarm fan 75% goed (= 12 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.

C. *Ien punt foar elke goede ferbettering. As fetprinte wurden feroare wurde, krije jo dêr gjin punten foar (b.g. 'wichtig' yn sin 3 wurdt: belangryk), ek al binne se goed skreaun. As net-fetprinte wurden feroare wurde (b.g. 'omtinken' yn sin 6 wurdt: oandacht), wurde allinnich punten ôflutsen as de nije wurden ek ferkeard skreaun wurde. Sjoch ûnder A foar it berekkenjen fan oare flaters. Mei-elkoar binne 25 flaters mooglik.*

1. De **ôfrûne** (1) dagen is **dúdlík** (1) wurden dat it yn de **ynternasjonale** (1) **polityk** (1) net om idealen en prinsipes, mar om belangen giet.
2. Ik fertel gjin nijs as ik stel dat SC Hearrenfean yn in **krisis** (1) **ferkeart** (1), sawol **bestjoerlik** (1) as sportyf.
3. Omdat wy jo miening **wichtich** (1) fine, **freegje** (1) wy jo oan 'e ein fan de **kursus** (1) it evaluaasjeformulier yn te **foljen** (1).
4. It famke **stode** (1) **hastich** (1) it **paad** (1) del, mar **muoike** (1) koe har noch krekt **tsjinhâlde** (1), foar't se de dyk op fleach.
5. De **gemeenteried** (1, foar 'gemeenterie' gjin punten ôflutsen) **bûcht** (1) him oer de **nije** (1) fêststelde **bouprizen** (1).
6. **It** (1) is in **yllúzje** (1) om te tinken dat it **Frysk** (1) bestean **bliuwe** (1) sil sûnder mear omtinken oan dy taal yn it **ûnderwiis** (1) te jaan.

By C wurdt útgien fan in noarm fan 70% goed (= 17,5 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.

De trije sifers foar A, B en C wurde middele ta ien einsifer foar it ûnderdiel staveringsopdracht.